

'De Wuttelhaven del' beskriuwt wjerfarren bern fan kollaborateur

FD 29-4-'09

# ''In goed slagge boek is ek in ôfrûne stik taalmuzyk''

Troch Jitske Kingma

''Der binne in protte boeken oer kollaborateurs. Se wurde gauris beskreaun as minsken dêr't wat oan mankeart. Se binne bygelyks oan 'e drank of sitte efter de froulju oan. As je sizze: se binne gek, dan binne de problemen oplost. Mar ik tink dat dat net sa is. It komt my frjemd foar, dat oan alle kollaborateurs wat mankeart. Ik woe ris sa'n figuer nei foaren bringe as in idealist. Ik woe in figuer delsette dêr't minsken oer neitinke. Net dat ik fyn dat er goed tinkt, dat net. Mar it wol my net oan dat se allegear gek binne''.

Fan Steven de Jong út Gytsjerk is koartlyn syn debutroman útkommen, 'De wuttelhaven del'. It behannelet in tema, dat yn Fryslân noch net earder op dy wize oan 'e oarder kommen is: de problematyk fan in NSB-bern en it wjerfarren fan syn heit yn 'e oarloch.

De Jong ferwachtet net, dat der slim negative reaksjes op syn boek

komme sille. Dat hy in kollaborateur in 'minsklik gesicht' jaan wol, wol net sizze, dat er efter sa'n persoan stiet. De Jong: ''Ik tink dat guon it wol begripe, dat se it minsklike yn dizze saak ynsjogge. Dat is belangriker as it ôfskowe as in ôfwiking. Under dy miljoenen dy't efter Hitler oan rûnen wiene guon, dy't net gek binne. De fraach is dan, wêrom dogge se dat''.

## Heit

Steven de Jong hat as haadpersoan fan syn roman syn heit Sibe Douwes de Jong nommen, yn it boek Doede Haaies de Vries. De Jong waard yn 'e oarloch haadredakteur fan de Ljouwerter Krante. De Doede Haaies yn it boek skreau fan út syn funksje haadartikels, dy't de besetter noasken. Yn it boek binne in pear foarbylden opnommen. Doede Haaies bleau hieltyd leauwen, dat Hitler de oarloch dochs winne soe. De Jong seit oer de figuer fan Doede Haaies: ''Hy hat in protte fan ús heit. It is fansels stylearre. Ik haw syn kapasiteiten mei opsetsin wat oerskat en der sa in soarte fan superman fan makke. Hy is dan in soarte fan tsjinpoal fan dy mantsjes dêr't wat oan mankeart. Hy is in yntelligint man, hat súkses mei syn

wurk, hielendal gjin frustraasjes en krekt dy man rint efter Hitler oan. Hoe kin soks no''.

Steven de Jong hat in protte minsken werkenber beskreaun en oaren binne mei namme neamd. De Jong: ''Je hoege net foar elkenien in skûlnamme te nimmen. Yn de earste de bêste ensyklopedy dy't je rieplachtsje stiet ien lang en twa breed beskreaun wat der bard is. Der is gjin reden om soks wei te stopjen, je kinne it oeral lêze''. De Jong hat de bekende minsken mei namme neamd en de wat minder bekende skûlnammen jûn. De Jong: ''De minsken dêr't ik mei te meitsjen haw, hawwe earder in skûlnamme. Dat haw ik ûnbewust dien. By it part dat yn 'e tsjintwurdige tiid spilet, haw ik wol alle war dien, te soargjen dat de minsken net te werkennen binne. Ik wol myn freonen en kollega's net sa de strjitte op smite. Dat part is dan ek romantisearre''. Guon minsken leauwe net yn dat part, hat de Jong al fernommen, ''dan is it blykber wol slagge''.

De Jong hat syn heit as foarbyld fan de kollaborateur nommen, om't ''ik dy it bêste ken. Dy stiet wat tichter by my. Ik tink dat ik dêr it measte fan wit. Oars is der te folle distânsje en wurdt it in dea ferhaal''. Op de fraach hoe folle autobiografyske eleminten der yn

foarkomme, wol De Jong net te djip yn gean. De Jong: ''It diel oer de oarloch is foar in grut part autobiografysk. Mar ik wol net, dat de minsken fan no der sa dúdlik út komme''. Syn famylje hat der gjin muoite mei, dat er it allegear sa beskreaun hat. De Jong: ''Heechút fine se it ferfelend, omdat se de ferhalen al sa faak heard hawwe. Nee, de reaksjes binne oer 't algemien posityf''.

## Hieltyd wer

Op de fraach wat it belangrykste tema fan it boek is antwurdet De Jong: ''Dat wat der doe barde, kin hieltyd wer komme, of dat it der noch altyd is, dêr bin ik bang foar. As it boek in boadskip hat, soe dat it wêze kinne. Ik tink dat wy in bytsje wach wêze moatte. Der binne minsken dy't sizze: dit kin net, it is te gek. Mar it bart echt, ik skriuw it oer de wierheid hinne''.

Oer it ferbân tusken wat der bart is en hoe't dingen yn it boek beskreaun binne seit De Jong: ''Ik meitsje in byld, dat stiet ûnder de wurklikheid. It stiet der net boppe. It is myn byld. It is net echt sa bard, it is it byld, dat ik der fan jou. De wurklikheid stiet fier boppe it boek. Je kinne sizze, dat guon dingen net barre kinne. Mar de massamoard op de Joaden koe



De Jong: ''Kollaborateurs wurde gauris beskreaun as minsken dêr't wat oan mankeart. Ik woe ris sa'n figuer nei foaren bringe as in idealist''.

ek net. De wurklikheid is te krank-sinnich om te beskriuwen''.

## Stadich

Fan De Jong binne oant no ta fiif fersebondels en in bondel mei fersen en ferhalen útkommen. Mei syn earste boek hat de skriuwer in pear jier oan 'e gong west. De Jong: ''It groeit, sa'n boek. It is krekt in plant. Ik skriuw allinnich as ik it net litte kin. Wat ik skriuw giet hiel stadich''. Hy hat al folle langer mei it idee omrûn om wat oer de oarloch te skriuwen, ''eins myn hiele libben al''. No't er dit ôf

hat, komt der foarearst ek net wer wat. De Jong: ''As ik eat ôf haw, komt der jierren neat''. Hy wol dêr earst ek gjin plannen oer meitsje, ''as je je fêstlizze, wol it net mear''.

Oer it ferskil tusken in fers en in roman seit De Jong: ''Ik sjoch gjin ferskil tusken in fers en in goed boek, allinnich yn kwantiteit. In goed slagge boek is ek in ôfrûne stik taalmuzyk, krekt as in fers''. De Jong hat wol it gefoel, dat syn roman ôf is, oars hie er him noch net fuortstjoerd. De Jong: ''Ear't it útjûn wurdt, moat it in foltôge wurkstik wêze''.